

Nijjerstaspraak KfdK drs. A.A.M.Brok

10 jannewaris 2025.

Flak foar de krystdagen wie ik op besite by de ambassadeur fan Litouwen om him nochris te tankjen foar syn belutsenens by de moaie tentoanstelling fan de Litouske keunstner Ciurlionus yn museum Belvédère op It Hearrenfean.

Hy prate mei my oer de nasjonale soarch fan syn lân dat ynsletten leit tusken Ruslân, wyt-Ruslân, Poalen en Letlân. Litouwen, in lân mei minder ynwenners as Súd Hollân mar yn oerflak grutter as Nederlân, besteget takom jier 3,5% fan it budzjet oan definsje.

Us lân groeit nei de 2% ta. Lang foldie Nederlân net oan de NAVO noarm...

90 jier lyn, yn de troanrede fan 1935, die Keninginne Wilhelmina foarstellen ta fersterking fan de nasjonale ferdigening. Yn 1938, sa stiet yn de biografy fan Cees Fasseur, stelde Wilhelmina dat begearte nei frede "*gepaard aan de versteviging van onzer weermacht*" net genôch wie foar in duorsume frede.

Der wie mear nedich en dat koe "*door van heeler harte mede te werken tot de morele en geestelijke herbewapening.*" Wy witte allegear wat ferfolgens yn ús lân tusken 1940 en 1945 plakfûn hat. In oarloch wêrby't wy it kommende jier, 80 jier nei dato, ek yn ús provinsje by stil stean sille.

Yn de Ljouwerter Krante fan 4 jannewaris stie te lêzen dat in soad Friezen oarloch as in reële driging sjogge. 42 prosint ferwachtet dat ús lân binnen ien oant fiif jier belutsen rekket by in wapene konflikt yn in oar Navo-lân.

Op 5 desimber hold minister Ruben Brekermans yn dit hûs De Rede fan Fryslân. Syn boadskip wie dat wy net nayf wêze moatte en dat frede net fanselssprekkend is... dat wy ús tariede moatte...

De oarloch is no al tichtby. Sjoch it fertochte skip dat boppe Skylge datakabels yn kaart brocht. Sjoch de goed 4000 flechtlingen út Oekraïne dy't yn ús provinsje ferbliuwe. Sjoch it moaie inisjatyf fan de free-riders dy't út Haulerwyk wei, derfoar soargje dat hulpkonvoien mei itenspakketten en helpmiddels nei Oekraïne taride.

Sjoch de eardere besite fan de ambassadeur fan Bulgarije dy't ús fleanbasis tank oerbrocht foar it squadron dat helpt by de loftferdigening dêr.

Om âld presidint fan'e VS Kennedy oan te heljen; it is net mear de fraach wat dyn lân foar dy dwaan kin, mar folle mear, watsto foar dyn lân dwaan kinst...

Yn in wrâld dy't op 'drift' is, dêr't de ynternasjonale mienskip net genôch yn slagget om frede en stabiliteit te hanthavenjen, kin men net as taskôger oan de sydline stean en in beskôging op ôfstân hâlde...

De frijheden dy't wy hjir hawwe binne gjin fanselssprekkendheid. De demokrasy, har ynstitúsjes en de rjochtsteat moatte beskerme wurde. Dêr moatte wy meielkoar foar stean.

Wy Friezen steane foar in 'A-merk'. Wy hawwe de ambysje om it ferskil te meitsjen.

Lês it Finansjeel Deiblêd fan âldjiersdei dêr't yn steld wurdt dat de Wetterkampus yn Ljouwert as in magneet wurket foar wettertechnologybedriuwen. Sjoch de groei fan it

Heger en Wittenskiplik ûnderwiis yn ús haadstêd. Sjoch de posysje dy't wy ynternasjonaal pakt hawwe op it mêd fan taal en kultuer. Sjoch de Feriening Sirkulêr Fryslân, dy't dizze wike Langmanpriis krige omdat wy koprinner binne op it mêd fan sirkulêre ekonomy en duorsemens.

Ek foar de provinsje as bestjoersorgaan bliuwe der in soad útdagings it kommende jier. As regisseur yn it romtlike domein. As bestjoersorgaan dat, somtiden te iensidich, drager is fan de kulturele ynfratraktuer. As it giet om it fierder bringen fan in bettere berikberens troch de Lelyline. As it giet om echt perspektyf foar de lânbousektor; dat wy DE lânbouprovinsje fan Nederlân bliuwe kinne.

By tal fan wurkbesites en meetings, ek it ôfrûne jier, prate minsken oer de leafde dy't men hat foar Fryslân en de ideeën dy't men hat. Dat wy de kwaliteit fan libben koesterje en dat ek dat wy it graach sa hâlde wolle sa't it no is... Tsjin dy minsken sis ik: we moatte gjin stolp oer Fryslân sette.

In stek om Fryslân hâldt problemen net bûten... en de wolf al hielendal net. Allinnich troch ûntwikkeling en groei kinne wy jongerein oan ús bine. Bliuwe bedriuwen ynvestearjen en ynnovearjen en bliuwe wurkplakken behâlden, en bliuwt ús ekonomy fitaal. Wy moatte foarút. Yn it belang fan de kommende generaasjes.

Wy libje yn in ûnwisse perioade troch de geopolitike sitewaasje. Skriuwer en dissidint en letter presidint fan Tjechoslowakijke, Václav Havel, beskreau it treffend yn it gedicht *Hoop*;

'Hoop'

...

"Hoop is de kwaliteit fan'e siel

En hinget net ôf

Fan wat der yn'e wrâld bart

...

Hoop is earne foar wurkje

Omdat it goed is

Net allinnich om't

It kâns fan slagjen hat.

...

Hoop is net itselde as optimisme

Likemin de oertsjûging

Dat eat goed ôfrinne sil

Wol de wissichheid dat eat sinfol is

Ûngeacht it risseltaat."

Ik winskje jo frede ta it takom jier. Haw omtinken foar elkoar.

Mei út namme fan it provinsjaal bestjoer winskje ik jo in soad lok en Seine ta!